

De Fryske Librije

Rige Lytse Folksskriften



LIBBENSGONG

Karlêzing út de fersen

FEN

A. M. WYBENGA

A. J. OSINGA - BOALSERT - 1936

DE FRYSKÉ LIBRIJE

— RIGE LYTSE FOLKSSKRIFTEN —
UNDER LIEDING FEN Dr. G. A. WUMKES

XX

LIBBENSGONG

Karlêzing út de fersen

FEN

A. M. WYBENGA



A. J. OSINGA - BOALSERT - 1936

FOARWIRD.

Saun jier forlyn, mei it oprjuchtsjen fen de Fryske Librije, haw ik Wybenga al frege om in karbondelke fen syn dichtwirk. Allerhanne oars moast sontiid foargean, mar oergean mocht neffens myn bitinken dizze útjefte net. Fryslân hat to greate forplichting oan syn psalmbirimer om ek net fen in oare kant mei him yn 'e kinde to kommen. De kar út Yn ús eigen Tael, Frysk Deiblêd en Grifformeard Frysk Tiidskrift oer sa'n fearsns-ieu is dien troch Ds. A. D. Wumkes to Burgwerd.

Dr. G. A. WUMKES.

Us Fryslân.

'k Mei de Fryske wolkems lije
 Dy't dêr driuwe heech en fier,
 Faken as mei goud omgetten,
 As mei parlemoer trochsketten,
 Soms ek driigjend tsjûk en skier.

'k Mei de Fryske fjilden lije
 Lyk hja lizze yn maitydsgloed.
 Oan dy lannen, oan dy heiden,
 Oan dy bouwen, oan dy greiden
 Hingje ik mei myn hiele moed.

'k Mei de Fryske fammen lije
 Mei hjar sëft oannimlik aerd,
 Mei hjar roune reade wangen,
 Mei hjar bliere en súvre sangen,
 Mei hjar gol en frjeonlik praet.

'k Mei de Fryske minsken lije
 Oan de Fryske seden trou,
 Friezen, dy't noch Friezen binne,
 D' eigen tael noch sprekke kinne
 Yn hjar wille en yn hjar rou.

En ik freegje: God des Himels,
 Jow ús alderljeafste lân,
 — Hwent Jo ha dit lân ek roppen —
 Hwet it ha moat, myld fen Boppen
 Ut Jins mylde Heitehân.

It earste ljurkje.

Tjirryt, tjirryt! tjirlierelier!
Ik hear it nije liet;
Ho riist dat earste ljurkje omheech
Hwet geit det sankje swiet.

De groun is klomsk en kåld de snie,
De froast lükt út it East,
Mar 't ljurkje driuwt nei 't fiere swirk:
Dat is de maitydstreast.

De dei is koart, de nacht is njür,
It sintsje bliuwt noch fier,
Mar 't each omheech, nei boppen 't hert
Mei 't blide tierelier!

Ho raent me yn 't ear dat júgjend liet,
Dy súvre himeltoan:
Dré komt nei kjeld en rein en wyn
De frisse maityd oan.

O God, myn tank for fúgelklank
Dy't my yn gloede set!
Jo stjûre nei de nacht de dei
En maitydwille yn 't hert.

1915.

Yet efkes.

Wy hiene fen honk west, de hiele dei
By 't famke, dy ljeaflytse wrotter wei.

Nou leit se yn 'e slom. Nou it hertebern
— Hwet súntsjes — yet efkes, yet efkes sjen.

Dêr leit it lyts kopke yn 'e sêfte plom
Lyk mids yn 'e bledtsjes in roazeblom.

In glimke dreamt sêft oer 'e blanke wang;
Wy steane to stoarjen, hiel lang, hiel lang.

Sêft lústert de jountyd by moanneskyn,
Hjir hâlde twa minsken de siken yn.

Wy sjugge elkoarren yn ienens oan:
O God yn 'e himel, hwet is 't ús skoan.

1917.

Earste glimke.

En de eachjes blonken sa pril, sa pril,
En seagen nei mem, nei mem sa stil.

En memke noege: myn bern, myn bern,
O mocht ik dy glimkjen, dy glimkjen sjen.

Yn 't eachje sparkele in ljocht, in ljocht
Dat freegjend om 't wurdtsje, 't wurdtsje socht.

Mem troaike boartlik: myn skat, myn skat,
En siket en wol se en wol se hwet?

Do krolde om 't lyts lipke in bliere skyn,
Dér glimke de himel, de himel yn.

1918.

De froede joun.

De froede joun is hoedjend kommen
En hat me yn séfte earmen nommen
En lit my, longrjend minskebern,
De kleare sêddingdobbe sjen:
„Bûg del dyn holle, hjir meist' rête;
Dyn brân scil yn myn drinken dwêste.

Noch fiel ik herte en hannen skodzjen
Fen wirk en died, fen beuzich bodzjen;
Ho swypkjend naem de oerstjûre dei
Myn séfte drôgetinzen wei, —
Nou jowt de joun mei stiltme en dauwe
My blide frede en 't stil bitrouwe.

De froede joun is mymrjend kommen
En bringt me yn 't lân fen geur en blommen
En lit my, twiivljend minskebern,
De fiersten fen de himel sjen,
En noeget my mei al myn lêsten
Yn Jezus earmen ryk to râsten.

1919.

Jow my

Jow my hwet bliids fen blommen mei
 Fen miedeblochte fyn en tear,
 Fen stjirresprankels ljocht en klear;
 Jow my hwet stille maitydsdei,
 Hwet bliids fen blanke blommen mei.

Jow my hwet ljochts fen lieten mei,
 Hwet iepen clang fen harmonij,
 Hwet fügelsang fen poëzij;
 Jow my hwet ljeafs fen boartersdei,
 Hwet lichts fen ljochte lieten mei.

1920.

Myn sang is lyk

Myn sang is lyk in swealtsjeblom,
 Sa deun, sa skruten by de groun;
 De blidens yn myn lieten jown
 Blooit stil yn hôven needrich from;
 Myn sang is sang fen jountydsrea
 Fen frede en rêt oer 't slomjend gea.

Myn sang is lyk in stjirreblink
 In lytse stip yn 't great hielal,
 Myn sang is earm fen ljocht en fal
 Mar — heilge op heger inglewink;
 Myn sang is sang fen mimernacht
 Yn stille stjirre-skimerpracht.

Myn sang is lyk in ljurkeliet
 In pearlebea oer 't lústrjend gea,
 In sêfte pea by 't dagerea
 Dat ynlik oer Gods wolkems giet;
 Myn sang is sang fen iere moarn,
 Yn 't lyts forlangst in bliere toan.

1921.

Hwet stils is oer myn siele gongen.

Hwet stils is oer myn siele gongen,
Hwet weeldeblids fen Sneintojoun;
It wier dy blanke mimerstoun
Do't fierie lûden 't hjerstliet songen;
Dat wierne Jo, myn God, myn Heit
Dy't yn sa'n sêfte flûster kamen,
My yn Jins golle earmen namen,
Me oanheljend as in feint syn breid.

Jins myldens sweve oer wide lannen,
Jins súvrens sonk oer 't swijsum gea,
Ta damp fen poarper raende it rea,
En 'k wier in bern mei fâldne hanner:
„O Hear, ho hearlik binn' Jins hjersten
As wiid oer 't fjild foltôging tynt,
As ier de sinne rête fynt
Yn 't gouden dauwe-omweve Westen.

'k Bin yn Jins golle hjerstiid berne,
En jimmer hat de rispingshjerst
Myn longersiele dierber west,
Dêr't blank myn eagen d' iepnens sjenne.
En 'k freegje mei in dimmen lûd,
As scoe ik al to swier bigearre:
„'k Scoe graech sa'n hjerstjoun stjerre o Heare,
En stil ta myn bistimming keare
Lyk op Jins fjild 't útwoechsen krûd.

1922.

Ljochte dei.

Hjoed wier de himel ljocht en blank
En blier en bloun de dei;
Yn 't wide omheech wier lieteklank,
't Goud sprankle oer wite wei.

Ik seach Gods gouden sinne gean
Oer blau forwielen paed;
Ho sweevjend wier dat hinnegean
Fen dize en wolk en skaed.

Hjoed wierne fierie kimen klar
Yn 't ljocht en trillich fjûr:
— Ho slachst', myn herte, den sa near?
Ho fielst' dy sa oerstjûr?

Dû bist net oan Gods ljochtens lyk?
Dû bist bismodze, ûnrein? —
O Jow dy! — — Yn Gods frederyk
Bist blank fen 't ljocht oertein.

1922.

Lietsje fen 'e Boer.

As 'k moarns myn eagen iepen doch
 En oer Gods wide fjilden sjuch,
 Den streamt mei nocht fen iere wyn,
 Fen dagerea en moarntydkyn,
 Mei fügelfloit, sa heech en fyn,
 It gouden ljocht myn keamer yn.
 En 'k sjong mei fleurich moed:
 Hwet is 't op 't lân my goed,
 Hjir ha 'k it sa frij
 By skiep en kij,
 Sa frij op myn boerkerij.

Hwennear myn seine, gleon en skerp
 De klaver meant op de âlde terp,
 Ef 't miedegêrs op swéen leit
 Den is 't myn hert in hearlikheit:
 Dré folje ik mei hea myn hûs
 Ta simmernacht by winterrûs.
 En 'k sjong myn fleurich liet:
 't Is goed hwet God my biedt,
 Hwet ha 'k it hjir frij
 By skiep en kij,
 Sa frij op myn boerkerij.

As 't ripe nôt, sa giel as goud
 Myn sichtte nocht en wille jowt,
 En aenst' de skeaven, my ta lean
 Yn rige op swiere stûken stean,
 Den fiel ik hwet in segen 't is
 Op 't fjild to skreppen soun en fris;
 En 'k sjong, om't God my hoed't:
 Hwet is 't as boer my goed,
 Ik haw it sa frij
 By skiep en kij,
 Sa frij op myn boerkerij.

En jimmer bin 'k in beuker bleaun.

En jimmer bin 'k in beuker bleaun,
 Sa nochturen yn in wif bistean,
 In twivelrie yn skruten gean,
 Fen tûzen dûnkre striden treaun;
 En jimmer bin 'k in beuker bleaun.

Ik ha Gods bloei fen blommen sjoen:
 Wiist net de blom nei frucht en sie?
 Mar 'k wist mei de útkomst rêt noch rie;
 Ik mymre yn wijreek-drôge-tsjoen;
 'k Ha skriemend blommen wylgjen sjoen.

Jim, greate ljue fen lytse wrâld,
 Scil licht myn lieten net forsteaan,
 Meilydsum lâns myn wente gean,
 Wis ha jim oan myn sang gjin hâld:
 Hja is sa lyts op greate wrâld.

Dochs fiel ik yn myn lytsens treast,
 Ik freegje: lit my bliuwe as bern
 Mei nocht fen dream de bloei to sjen,
 Folsleine lea mei bernegeast;
 O lit my libje yn lytse treast.

1924.

Wersjen.

It wierne yet de âlde pleatsen,
It wier yet de âlde toer;
Mar hwerom laei yn 'e maityd
Sa'n hjerstich twiljocht der oer?

Ho stil stige súdlige sinne,
Ho grien en njí wier 't hout,
Hwet blonken de bloeijende tunen
Fen pearels en sweevjend goud.

Ho hie dochs nei âlde kinde
My langstme al tiden laet —
Mar 'k wier, mids de wirden fen minskēn
Allinnich en iensem op 't paed.

En mids de laitsjende lüden,
Mids ljurke- en klystersang
Stie dêr in man yn wémoed,
In bern sa forheard en bang.

In iensume man waerd it feintsje
Yn 't foarge mann'ger frjeon;
Hwer kearden jim, goudene lieten?
En maten, hwer binne jim bleaun?

Myn God, nou't by 't âlder worden
Myn herte gâns forstiet,
Dolt witten, myn wizer to wêzen,
It grêf for de fleur fen it liet?

Ef hat my de rouwe tobritsen
Oer frjeonen, nei frjemden tein,
Oer wirden, ta wrimpnens forware,
Sa kåld, súnder herte my sein?

It wierne yet de âlde pleatsen,
It wier yet de âlde toer;
Myn siele, hat God dy gjin heil jown
En driuwt den dyn wémoed net oer?

Oan 't berntsje.

Ho holder each, ho derten wang,
Ho lyts postuer, sa frij,
Ho, laitskes fen dyn fifeljier,
Ho, berntsje, ljeavje ik dy!

Hwet sjuchst' de rike romme wrâld
Noch boartsjend feestlik yn,
En jowst' dy oan 'e blommen oer
By 't heil fen sinneskyn.

De weachjes yn 'e nûnderfeart
Binn' t himelfjür bitroud;
Sjuch, tûzen stjerkes sprankje d'r oer:
Sa skittert dounsjend goud.

Sa dû, myn bern mei 't inglehert,
Saunfâlde himelstjer;
Hwet laket dy Gods sinne ta
Dû lakest saunris wer.

O holder each, o derten wang,
O bliuw noch tiden bern,
En lit my yn dyn glimkes 't goud
Fen himelblidens sjen.

Ik libje yn dyn oannimlikheid
Wer op ta blider dei,
Nou is de freugd fen eigen jeugd
My wer sa strieljend nei.

Fryslân.

Hast ús Fryslân wol sjoen
 Yn 'e jeuchlike tsjoen
 Fen de feestlike, riizjende Maeije?
 As it Easten sa gloeit,
 As it Westen sa bloeit
 En de twirkes sa flinterjend waeije?
 O dy goudene dei
 Oer de strijende wei,
 Dy't sa kronkelt nei 't noegjende omfierren;
 En de heldere nacht
 Mei syn ivige pracht
 Fen dy stille, blankeagige stijrren.
 O dat ljocht, o dat goud,
 Dat in himel ús jowt,
 En de frede oer de jounige lannen,
 En Gods Wird dat ús seit
 Fen de rst dy't der leit
 Oer ús biddende, fldene hannen.
 En dat eigene ln
 Mei syn klaei en syn sn,
 O dat ln fen ús ljeafde en ús smerte,
 As it bloejende blinkt,
 As it riist, as it sinkt, —
 't Bliuwt it ln fen ús hope en ús herte.
 Sjuch, de Maityd komt oan
 Mei syn joun en syn moarn,
 Yn syn skirte de takomst forside;
 En it tilt oer it ln
 Fen in triljende brn:
 Byld fen hope op kommende tiden.
 O fen 't jister de gloed,
 En de segen fen hjoed,
 En de finger fen 't fierie forline.
 En in God Dy't ús laet
 Op it riizjende paed;
 O ik wit it: Syn sinne scil skine.

Pinkster.

Dit is it ljocht fen 't Pinksterwunder
 Oer d' ierde giet in swiden rop:
 Al gyng oan 't krûs in Jezus nder,
 In Heilân stie wer machtich op.
 Hy, nei de himelsealen riizge
 Jowt djip forsleinen mylde treast,
 Hy hat Syn macht en krft biwizge
 Yn 't stjuren fen de Heilge Geast.

Hjir gloeit de macht fen 't Pinksterwunder
 Yn fjûr en flam en hirde wyn;
 Dit is it libben for de snder,
 Sa giet in wrld de himel yn.
 Sa mei de Kening gloaryearje;
 De Tsjerke kriget op hjar wei,
 As teiken fen Gods triomfearjen
 De Himeltreast fen Pinkster mei.

Sa wirket nou it Pinksterwunder
 It ivich heil for 't minskebern,
 Sa kin in earme en sike snder
 In rike Jezus Christus sjen.
 Wy bringe ús ear, ús idealen
 Oan Him, de heechste Majesteit;
 En alle tongen, alle talen
 Forkundigje Gods hearlikheit.

En wy, ho lyts fen lof en sangen,
 Wy scille yn warden en yn dwaen,
 Yn Fryske tael, yn eigen klangen
 Dy Heilân lof en eare jaen.
 Den scil de krft fen 't Pinksterwunder
 Forsterkjend oer ús sielen gean,
 En elk, for eigen folk bysnder,
 Syn ropping yn 'e wrld forsteaen.

Lêste reis.

„Kom frjeon, nou noch ienkear út farren,
Noch ienkear de mar op en del,”
Hwa doarst it de lijer to weegrijen?
Mar 'k waerd fen syn frage sa kjel.

Earst wier er hiel drok mei syn teltsjes
Oer blommen, syn tún en syn fé,
Oer fiskjes, gérshippers en yntsjes
En 't nocht fen syn älderlik sté;

Do waerd it hiel stil yn ús boatsje
En stil wier 't ek ûren yn 't roun;
De rést dreau oer lânnen en wetters,
De rést fen de fredige joun.

Hy siet foar my oer, en do, hommels,
Lei hy syn frjemd herte my bleat:
„Fortel fen Gods himel my alles,
Bin ik net to min for dy steat?”

En 'k hie 't oer 'e goudene strjitten,
De poarten fen edele stien,
'k Sei: „Jezus, ús Kening is dêrre,
Hy ropt dy, hwent Hy hat foldien.”

Hy knikte en do seach er nei 't fiere;
— De sinne waerd wei yn syn bêd —
Hy sèâch do dat goud en dy pearels
En 't ljocht fen de himelske stêd.

Hiel stil wier 't: in siichje roun séftkes
Oer de igge troch 't lústrjende reid;
Yn 't gêrs wier in súntsjes genúnder,
In wûnder fen hearlikheit.

Do wyndre de hûl fen syn hirdens
As in tsjéfpplúster wei fen syn moed:
„'k Woe ek by dy Jezus wol wêze,
O dêr is it hearlik en goed.”



Nou bloeije op syn gréf al de blommen
Mar for him is in hearlikheit
Tûzenkear mear as it goud fen 'e jounloft
En de sang fen de wyn troch it reid.

1932.

Nei in motyf.

Myn doarpke lyts.

Myn doarpke lyts, myn doarpke djûr
 Ho eagestu de fjilden oer
 Us âlde Fryske lannen;
 Ho bynstû yn dyn ljeaflikheit
 Dy't yn en om en oer dy leit
 Myn siel mei sêfte bannen.

Hjir bin 'k troch 't wündre libben gien,
 Hjir haw ik leed en lok forstien,
 De ljochten en de skaden;
 'k Seach hwet my bynt oan 't âlde gea
 By moarntydsgloed en jounich rea
 Yn 't ljocht fen Gods genade.

Bin 'k strak oan de ein fen de ierdske baen,
 Bifeel 'k, by 't my nei sliepen jaen,
 Myn siele yn Goades hannen —
 Den fynt myn stof, myn doarpke djûr.
 In rêstplak by dyn âlde toer
 Yn de âlde Fryske lannen.

1932.

As ik . . .

As ik strak myn warge holle
 Ta de lêste rête liz,
 As 'k mei toarre wite lippen
 Stammerjende wirden siz,
 Scil der den ien by my wêze
 Dy't myn sielesucht forstiet?
 Dy't mei rjucht forsteaen fen tearens,
 Oer myn lêste smachtsjen giet?
 Dy't my tadekt mei hjar ljeafde,
 Mei hjar triennen, myld en goed,
 Dy't my nei de himel meijowt
 Noch fen de ierde in ljeafdegroet?
 Scilst', mem Fryslân, dû den weitsje?
 Scilst' dyn himpen bern forsteaen?
 Scilst', hwer't minsken him üntfalle,
 Trou en treastgjend oer him gean?
 O den kin ik feilich sliepe
 Yn ús âlde Fryske groun,
 Hwent den wit ik: ja, dizze ierde
 Hat my noch in himel jown.

1934.

Draech de noed for Fryslân fierder.

Draech de noed for Fryslân fierder,
 Soannen fen dit stille lân,
 Mei de ljeafde fen jim herte,
 Mei de klearens fen 't forstân.
 't Kostber erfskip fen de foarteam
 Hâld it suver, hâld it djûr;
 Jow it oer fen hân yn hannen,
 Rik it altyd fierder oer.

Draech de noed fen ieu op ieuwen
 Mei jim ynderlikst forstean,
 Lit him út syn himpen wenplak
 Oer ús frije fjilden gean;
 Yn 'e moarn en op 'e joune,
 Draech him as in skat fen ear,
 Draech him mei in stil bitrouwien
 Op de segen fen de Hear.

Draech dy noed mei rée hannen,
 Jow him oer fen tiid oan tiid,
 Jow him oer oan bern en berndbern
 As in segen yn 'e striid.
 Draech dy noed mei sang en klangen
 Wiid oer wâld en mar en strân,
 Driuw dy noed yn alle herten
 Ta in rjuchte ljeafdebrân.

Klei de noed for Fryslân fierder,
 Klei him for de Heechste troan,
 Rop mei krêft fen ynlik smeekjen
 De Ivige om Syn segen oan.
 Nint de Heare yn 'e himel
 't Alde Fryslân op syn noed,
 Den scil 't hearlik riizje en libje,
 Ryk yn mylde maitydsgloed.

Ropster mounle.

Kenne jim de Ropster mounle
 Dy't sa dreech syn rounten draeit?
 Dy't nei 't Suden wiist ef 't Noarden,
 Almar nei't it wyntsje waeit?
 Fris en fleurich mealts er oan,
 Makket stouwend moal fen 't koarn
 As er mei syn earmen swaeit.

Kenne jim dat lytse terpke
 Dêr't dy hege mounle stiet?
 Dêr't in rook fen âlde tiden
 Oer de jonge hagen giet?
 Ropta's namme, great en mâns,
 Rêst op 't sté hjir de ieuwen lâns,
 En dy harket as in liet.

Kenne jim fen giene tiden
 Wol de wündre poëzij?
 Kenne jim de bân fen 't foarge
 Oan út dagen, goed en nij? —
 Sjong 't den út op blide toan:
 Ropster mounle, meal mar oan
 Mei dyn macht fen melodij:

Dit giet op nei Nijewier.

Dit giet op nei Nijewier,
 't Plakje dêr't de sinne opgiet,
 Dat sa pril der hinne stiet
 Mei syn eigen froed fortier:
 Dit giet op nei Nijewier.

Dit 's dy âlde, trouwe wei
 Mids de bouwen, fet en skoan,
 Mids de klavers en it koarn,
 't Paed, dat my syn wunders sei:
 Dit 's dy âlde, trouwe wei.

Dit giet op nei Nijewier,
 't Stille doarpke, rjucht en slucht,
 Dêr't men warbre Friezen sjucht
 Mei hjar eagen, ljocht en blier:
 Dit giet op nei Nijewier.

1935.

'k Song myn liet . . .

'k Song myn liet yn maitydsmoarnen
 By it riizjend dagerea,
 As de dei mei nije blidens
 Ljochtet oer it âlde gea,
 As forwachting yen omswevet,
 En men bidet, froed en stil,
 Hwet de dei oan gloede en rykdom,
 Hwet it libben bringe scil.

'k Song myn liet op simmerdagen
 By de súvre sinnebrân,
 By de weelde fen ús bouwen
 Mei de bodder op syn lân,
 Dy't dêr, efkes poazjend, stoarret
 Oer syn fruchten, giel as goud,
 Mei syn hope op ripe risping.
 Dy't him God op 't skreppen jowt.

'k Song myn liet yn skimertiden
 By de frede fen de hjerst,
 As de joun mei sêfte hannen
 Al to felle brânnings dwest,
 As de dauwe yn wite galen
 Weaget oer it greidegrîen,
 En myn herte tankber trillet
 Mei dy stille skepping ien.

'k Song myn liet yn winter nachten
 By de blankens fen de snie,
 As de himel ljocht fen wunders
 En ús ierde in himel wier;
 By de fûnkels fen de stjirren,
 By de wille fen de rêst,
 As de stiltme my forkündigt:
 's Hearen trou stiet ivich fêst.

'k Song myn liet yn alle tiden
 'k Song fen blidens, hope en trou;
 Yn myn lieten laken Ijochten
 Mids de dûnkrens fen de rou;
 En hwa joech my al dy sangen?
 Ta hjar rythmen 't hert en 't ear?
 Wier it net de hege Skepper?
 Net de rike Himelhear?

1935 .

Dicht en plicht.

Ik laei yn 't gêrs to dreamen
 Mids goud fen sinneskyn;
 It rûzjen yn 'e beammen
 Hie tûzen wünders yn.

In fine rook fen blommen
 Hong yn myn tune swiet,
 En lichte michjes hipplen
 De mjitte fen in liet.

In sêfte sudersigen
 Waezme oer myn waerme wang
 En yn myn earen soeide
 In silvren simmersang.

En aan de blauwe himel
 Hong wite wolkekloft:
 In skip yn hege fierte
 Mei reizgers oan 'e loft.

Do kaem d'r in stûfe stimme
 „Oerein, hwet leistû dêr?
 Is 't middeis tiid fen dreamen?
 't Wirk winkt ús allegear!"

Ik riizge oerein mei hasten:
 „O ja, dû hast gelyk,
 Mar dreamen fen 'e middei
 Dy meitsje my sa ryk!"

1935.

It leantsje.

Siz my, smûk en dûnker leantsje,
 Ha 'k sa pas dêr net hwet sjoen?
 Mirk ik net in jeugdich pearke
 Wûndre stikum en ketoen?
 Wanlen, ditsen mei dy skaden
 Hjir gjin bliere hy en sy
 Yn hjar warden, yn hjar glimkjen
 As dyn jonge grien sa nij?
 Lûstren hja gjin teare tinzen
 Oer it swietste sielsgeniet?
 Laei der yn hjar lûd gjin jubel,
 Yn hjar flûstrjen net in liet?
 Praetten hja net oer de séftens
 Fen de sterke ljeafdebân?
 Kniep syn foarse hân net boartlik
 Yn in lytse blanke hân?
 Hearde ik twisken wird en swijen
 Net in triljend silvren lûd?
 Wier 't in jounslach fen in fûgel
 Ef in yntsje yn 't stille krûd?
 Blonk der yn hjar by'noarwêzen
 Net de tearste poëzij?
 Sprieken hjir gjin sieledjipten?
 — Siz 't in dichter, siz it my!

Mar it smûk en dûnker leantsje
 Mei myn freegjen neat bigien
 Glimke: „hwet ik seach en hearde
 Dat fortel ik oan gjinien.”

1935.

De doarpsdichter.

De doarpsdichter song der syn sangen
 Sa mannige kostlike joun,
 Fen jeugd en fen fleur en fen wille
 En 't heil fen âld-Fryslâns groun.

Hja harken sa graech nei syn lieten
 Hja wierne wol mei him op dré,
 Hja glimken: it is dochs in wûnder,
 Ho sketst er ús wol en ús wé.

Hja kamen sa faek mei hjar fragen,
 Hy joech hjar syn sielewirk mei,
 Dat droegen sy foar op hjar feesten
 En 't folk hie sa'n wille dêrmei.

De doarpsdichter libbe dêr jierren,
 In minske lyk ider en ien;
 Hy lake, allinne, yn syn laitsjen
 Wier lichtlik it ljocht fen in trien.

De doarpsdichter dielde yn hjar freugden
 En wier mei hjar lijen bigien,
 Mar dochs hat gjinien fen syn frjeonen
 Syn wûnderlik wêzen forstien.

1936.

